




André & Alfred

Prûkegedoch



Ien fan de fetste dingen yn it libben fyn ik de romte, de stjerren en de planeten. It idee dat der bûten de ierde in ûneinige romte is mei hûndert miljard stjerren, mei oare planeten en miskien wol oar libben, dêr kin ik de hiele dei wol oer fuort dreame. Wer hâldt it hielal op? Is der ek libben bûten de ierde? Marsmantsjes miskien?

Eise Eisinga wie krekt sa'n ien as ik, dy 't him ek fan alles ôffrege oer it hielal. As bern wie er supertûk. Earst learde syn heit him oer wiskunde en stjerrekunde. Mar al gau wist Eise safolle, dat syn heit him net mear helpe koe. Op syn fyftjinde skreau er sels al syn eigen wiskundeboek. Wauw!

Doe't er âlder wie, kaam er yn Frjentsjer te wenjen. Yn Frjentsjer wie der ek in universiteit foar ast fierder leare woest. Mar yn dy tiid wie dat allinne foar hiele deftige minsken. En Eise kaam út in gewoane famylje. Dat hy moast himsels dingen leare. Jûns, nei't er oerdei tige hurd wurke hie yn syn wolkambedriuwe, gie er nei de bibliteek fan de universiteit om dêr oant it ein fan de jûn, ûnder it kearsljocht, boeken te lêzen oer hoe't it hielal yn inoar sit. Hoe mear oft er te witten kaam, hoe mear fragen oft er krige.

ANDRE'S FERHAAL





André & Alfred

Prûkegedoch



Doe't Eise hiel wat jierren de planeten en stjerren bestudearre hie, soe der op 8 maaie 1774 wat bysûnders barre yn it hielal. De planeten Mercurius, Venus, Mars, Jupiter en de moanne soene dy dei hiel tichtby elkoar stean. Mar om te witten wêr't en wannear't planeten yn it hielal steane, moatte je hiele, hiele yngewikkelde berekningen meitsje. Eise tocht: 'wat no as ik in miny-hielal meitsje? As ik dan sjoch nei myn miny-hielal, wit ik presys hoe't de planeten stean en hoech ik net mear fan dy drege berekningen te dwaan.'

Dit wie fansels makliker sein as dien. Syn miny-hielal moast krekt deselde banen hawwe as de echte planeten. Dêrom makke Eise syn planetarium as in soarte fan super yngewikkelde klok. Mei allegearre draaiende tosksjillen en in grutte slinger dy't de planeten bewege liet. Sa slagge it him om de echte planeten te folgjen mei syn miny-hielal.

It bysûndere oan it Planetarium is dat it yn Eises eigen wenkeamer yn Frjentsjer boud is. Hy moast it bêd fan him en syn frou sels ferkoartsje, om genôch romte te hawwen foar it Planetarium. Dêr wie syn frou fansels net bliid mei en Eise moast tasizze dat it Planetarium net noch grutter wurde soe. Se sil der ek wol net bliid mei west hawwe dat it projekt wol seis jier duorre! Gelokkich hie er de help fan syn heit en broer, oars wie it miskien noait ôfkommen.

André



Omrop Fryslân





André & Alfred

Prûkegedoch



1

Leuk om te dwaan!

Fraach 1

Betink in namme fan in planeet dy't ek yn it planetarium kinne soe.
En tekenje de planeet.



ALFREDS ÛNDERSYKJE

Rike minsken hawwe yn de skiednis altyd besocht om fia moade op te fallen. Somsdiene se it mei gouden sieraden, dan wer mei enoarme paleizen. En no dogge se dat mei grutte lúkse auto's. En yn de achttjinde iuw diene de riken dat troch prûken te dragen. Iksels besykje trouwens op te fallen mei myn moaie swarte snor.

It prûkegedoch begûn by de Frânske kening. Hy wie net allinne de kening fan Frankryk, mar ek de kening fan de prûken. Doe't er santjin wie, begûn er al in bytsje keal te wurden. En dat woe er fansels net. In kening moat moai lang hier ha! En ast ea in moaie keninginne trouwe wolst, dan stiest der net sa goed foar mei in keale kop.

Dêrom besleat de Frânske kening om in prûk te dragen. En omdat elkenien op 'e kening lykje woe, gongen folle mear minsken yn 't lân in prûk drage. Alleast de minsken dy 't it betelje koene. De kening hie sels in spesjale prûkmakker, dy 't sei: 'ik soe eltse holle yn it keninkryk kealknippe om dêr de holle fan 'e kening mei te fersieren.'

Ek yn Nederlân gongen de machtige minsken sokke prûken drage. Se waarden sjoen as teken fan rykdom en macht. Ast dus ien yn 'e fierte rinnen seachst mei sa'n skieppefacht op 'e holle, dan wistest dus dat it ien fan hege komôf wie. Ek de stêdhâlder fan Nederlân en Fryslân hie ien. Hy wie as in soarte fan direkteur, mar dan fan in lân. En al syn freonen droegen ek fan dy prûken.

Mar sommige minsken begûnen der sêd fan te wurden, dy prûkminsk! Dat barde net allinnich yn Fryslân en Nederlân, mar yn hiel Europa. Oeral kamen minsken yn opstân. Se wiene ynspirearre troch ideeën oer frijheid en gelikens.





André & Alfred

Prûkegedoch



Alfred

Je moasten inoar as in gelikense sjen: oft je no kening of in earme boer wiene, je wiene beide minske. En dat makke je gelyk. Hielendal mei iens net?!

Mar goed, mei goeie ideeën binne je der noch net. Om gelyk te krijen, moatte je somtiden earst wol oarloch fiere. De minsken dy't har tsjin de stêdhâlder kearden, wiene de 'patriotten' der foar Yn Fryslân, mar ek op oare plakken yn Nederlân, besochten patriotten de macht oer te nimmen. Sa ek yn Frjentsjer, de stêd fan Eise Eisinga!

It slagge de patriotten efkes om dêr de baas te wêzen. Mar doe't de stêdhâlder help krige fan 'e kening fan Prusen, flechtsje de patriotten nei it bûtenlân. Ek Eise moast útnaaie. Hy wie it nammentlik wol iens mei de ideeën fan de patriotten. Jierren hat er doe yn Dútslân wenne.

Uteinlik wisten de patriotten wol te winnen en waard de stêdhâlder ferjage. En doe wie it klear mei de prûken! Dy herinnerden de minsken allinne mar oan dy ûnearlike perioade. En sûnt dy tiid hawwe prûken noait wer yn de moade west. Spitich, want ik fûn dy prûken my prachtich stean.





André & Alfred

Prûkegedoch

FRAACH 2

Moade is mar in gek ding. Wat earder hip wie, fine we no nuver. En wat we no hip fine, is letter wer nuver. Wat fynsto de gekste moadetrend fan dit momint?

Tekenje dat.

2

